

**BESTJOEREN EN MEIWURK(ST)ERS****SELSKIP "FRYSLÂN" TE UTERT**

Foarsitter	Pietie Westdijk-Kaastra, Het Spoor 20, 3994 AK Houten til. 030 - 2318 224 (pcwestdijk@planet.nl)
Skriuwer en Redaksje Kritekoer	Jan Piet Bergmans, Langeweg 75, 4133 AT Vianen til. 0347-320093 (j.p.bergmans@casema.nl)
Ponghâlder en lede-administraasje	Yme Fopma, Meerenburgerhorn 6, 3401 CD IJsselstein til. 030 - 6881921 (yme@fopma.eu); Bank: NL05INGB0000194027 o.n.f. Ponghâlder Krite Selskip Fryslân
Bestjoerslid en Boekferkeap	Jan Roelants, Joke Smitplein 16, 3581 PZ Utrecht til. 030 - 2010118 (jhw.roelants@online.nl)
Bestjoerslid	Harke Hofman, Elzenstraat 3, 4131 AK Vianen, til. 0347-377703 (harkemarga@gmail.com)
Bestjoerslid	Richtje de Jong, Paardenbloemweide 37, 3448 TL Woerden, til. 0348- 460 590 (richtjetolsma.67@gmail.com)
Aldereinsaken	Frou J. Wielinga, Japuradreef 26, 3563 ED Utrecht, til. 030-261 7816

**SELSKIP "MEI INOAR" TE SEIST**

Foarsitter	fakatuere
Skriuwer/Lede-administraasje en Redaksje Kritekoer	Ida Knobbe, Pr. Bernhardstr.24, 3981 BN Bunnik, til. 030-6562555 (iknobbe@hccnet.nl)
Ponghâlder	Nieske Schurer, Saturnuslaan 6, 3721 SG Bilthoven, til. 030-2251447 (nschurer@casema.nl); Bank: NL75INGB0003486499 o.n.f. SELSKIP MEI INOAR
Algemien Adjunkt / 2de skriuwer	Klaske van Hoeij-de Boer, Kievitstr. 11, 3443 BD Woerden, til. 0348-410039 (kvanhoeij@gmail.com)
Bestjoerslid	Trieneke Vos, Willem Pijperlaan 18, 3702 AM Zeist til. 030-6916081 (tvos51@kpnmail.nl)
Sosjale Kommisje	Boukje Andringa-Brattinga, Maartensplein 65, 3738 GN Maartensdijk, til. 0346-216240 (boukjeandringa@kpnmail.nl); Trieneke Vos, Willem Pijperlaan 18, 3702 AM Zeist til. 030-6916081 (tvos51@kpnmail.nl)

**Foar beide Kritten**

Einredaksje	Ida Knobbe-Kramer, Prins Bernhardstraat 24, 3981 BN Bunnik, til. 030-6562555 (iknobbe@hccnet.nl)
Ferstjoeren Kritekoer	Yme Fopma, Meerenburgerhorn 6, 3401 CD IJsselstein til.030-6881921. Giro 37 69 436, o.n.f. Adm. Kritekoer

**DE KRITEKOER**

Selskip Fryslân te Utert  
Selskip "Mei Inoar" te Seist

Jiergong 62 nr. 3  
Maaie 2017  
(blommemoanne)

**Ynhâld fan de Kritekoer:****Selskip Fryslân**

- Ledenijs
- Fan de foarsitter
- Lettergrutte Kritekoer
- Fan it bestjoer
- Gedicht 'Under druk wurdt alles floeiber'
- Stikken ALG fan 17.05.17
- Kloatsjitdei 07.10.17
- E-mailadressen Frysk Boun om Utens

**Selskip "Mei Inoar"**

- Fan de bestjoerstafel
- Ferslach kritejûn 01.04.17
- Inisjatyf foar Frysk koar
- Ut it argyf fan 1925
- "Us Wurdskat"-dl.
- 11 en 12, fan Albert de Jong
- Jierdagen
- 'It ûleboerd'

**Redaksje**

- Jan Piet Bergmans
- Ida Knobbe

**Kulturele Haadstêd 2018**

Der is yn Fryslân al in protte oer sein en oer skreaun: yn 2018 is Ljouwert de Kulturele Haadstêd fan Europa. Dat hat syn útwurking op hiel Fryslân. It giet net allinne om Ljouwert, mar om de hiele Fryske mienskip. KH2018 wol in grut publyk út binnen- en bûtenlân kennis meitsje litte mei de skientme fan Fryslân én fan de gemeente.

It sil brûze yn Fryslân: der binne 40 grutte projekten en sa'n 800 doarps- en stêdsprojekten. Jo hoege yn 2018 gjin fakânsjeplannen foar it bûtenlân te meitsjen, want yn Fryslân is genôch te dwaan.

Der wurdt oer klage dat der sa'n bytsje bekend is oer de aktiviteiten yn it ramt fan KH 2018. Dat wurdt publisearre yn oktober 2017. Dit, omdat oars de spanningsbôge te lang is.

It Boun om Utens hat ek kontakt socht mei Ljouwert. Der is al ôfpraat dat de Algemiene Gearkomste fan it Boun om Utens yn it provinsjehûs yn Ljouwert plak fine sil. Dat sil barre op 14 april 2018. De Friezedei wurdt holden yn Ljouwert en it doel is dat de kommissaris fan de Kening in ynlieding hâldt. Troch de Kritekoer yn it winterskoft 2017-2018 hâlde wy jimme op de hichte. Foar no in goede simmer tawinske.

De redaksje

*Slutingsdatum ynleverjen kopij: 2 septimber 2017*

**Selskip Fryslân te Utert**

Woansdei 17 maaie 2017: **Algemeine Ledegearkomste** by Pietie Westdijk thús, Spoor 20, Houten. Graach efkes trochjaan oan Pietie oft jo fan doel binne om te kommen.  
→ As jo komme wolle, mar gjin ferfier ha of net mei-ride kinne, graach in telefoantsje nei in bestjoerslid.

Foarriedich programma/data 2017-2018:

Sneon 7 oktober 2017: High Tea + programma (lokaasje De Bijkershoek)  
Sneon 25 novimber 2017: It Akkrumer Dream Theater mei de tragykomeedzje MUTSEN (mienskiplik mei Seist)  
Sneon 6 jannewaris 2018: Nijjiersbesite (lokaasje De Bijkershoek)  
Sneon 24 febrewaris 2017: Lytse middei (eksperiment); lokaasje De Bijkershoek  
Sneon 24 maart 2018: Mienskiplike toanieljûn mei Seist

**Selskip "Mei Inoar" te Seist**Foarriedich programma/data 2017-2018:

Sneon 28 oktober 2017: Algemeine ledegearkomste, oanslutend fertelt Age Veldboom oer it reedriden  
Sneon 25 novimber 2017: It Akkrumer Dream Theater mei de tragykomeedzje MUTSEN (mienskiplik mei Utert)  
Sneon 14 jannewaris 2018: Nijjiersbesite  
Sneon 10 febrewaris 2018: Noch net bekend  
Sneon 3 maart 2018: Noch net bekend  
Sneon 24 maart 2018: Mienskiplike toanieljûn mei Utert

**Redaksje-adressen:**


Selskip Fryslân: Jan Piet Bergmans  
Adres: sjoch lêste side  
Email: j.p.bergmans@casema.nl

Selskip "Mei Inoar": Ida Knobbe  
Adres: sjoch lêste side  
Email: iknobbe@hccnet.nl

**Webstek fan it Boun: [www.fryskbutenfrylan.frl](http://www.fryskbutenfrylan.frl)**

**Wy lokwinskje ûndersteande 75+-leden mei harren jierdei !**

Frou J.Amersfoort, Bunnik	14.05	Dhr.Tsj.Kooistra, Seist	01.08
Dhr.H.v.Harreveld, Leersum	16.05	Frou F.van Hell, Seist	10.08
Dhr.N.v.d.Wal, Houten	25.05	Frou A.Kooistra, Seist	25.08
Frou W.v.d.Werff, Seist	26.05	Dhr.C.v.d.Goot, De Bilt	11.09
Dhr. S.Haarsma, Maarn	30.05	Frou D.Osinga, Bunnik	20.09
Frou J.Roosma, Seist	12.06	Frou M.Overmaat, Leersum	01.10
Dhr. J.Koopmans, Wijk bij D.	29.06	Frou M.Sybesma, Driebergen	02.10
Frou N.Visser, Driebergen	30.06	Dhr. M.Amersfoort, Bunnik	04.10
Frou Y.de Roos, De Bilt	16.07	Frou N.de Jong, Seist	10.10
Dhr.J.Winnips, De Bilt	18.07	Dhr.R.Veenstra, Seist	16.10
Frou W.v.Emmerik, Doorn	20.07	Frou F.Overvest, Doorn	29.10
Dhr.P.Petersen, Maarn	22.07		



Tsjintwurdich tinkt men by it wurd 'ûleboerd' meastal oan in trijekantich boerd mei swannen en wat fersiersels. Oarspronklik wie it ûleboerd net mear as in trijekantich houten boerd op de nok fan in Fryske skuorre. De swannen en fersiersels binne der letter by kommen. It ûleboerd komt oarspronklik út Fryslân, mar is wilens ek yn de provinsjes dy't oan ús grinzje te finen. Sa kenne se yn Drinte it 'oelebred', Der is, yn tsjinstelling ta hjir yn Fryslân, gjin sprake fan swannen en sawathinne. Yn Grinslân hawwe se it oer in 'oelebred', oelgevel, oelbord en 'ulebord'. Mar de betsjutting fan 'oelgevel' is in trijehoekich geveltsje op de foarst fan it dak fan in boerskuorre. Dat is dus net letterlik oer te setten mei: ûleboerd.

It ûleboerd is oarspronklik ûntstien as beskerming foar de kwetsbere úteinen fan it dak of skuorre, om ynreinen foar te kommen. De timmerman liet de foarst of naai efkes trochrinne, sadat der in draachpunt ûntstie foar de top fan it ûleboerd. Wierskynlik wurdt it in ûleboerd neamd, om't der in ûlegat yn sit dat tsjinst docht as fleangat foar ûlen. De ûlen kinne troch dat gat de skuorre yn-fleane sadat se dêr de muzen fange kinne.

In wisse datearring foar it ûntstean fan it ûleboerd is der net, mar der wurdt tocht dat it net earder ûntstien wêze kin as yn de 16<sup>e</sup> ieu. Dat wurdt sa oannommen om't it Fryske boerehûs yn dy tiid in skuorre krige yn stee fan in heaberch. Earst doe't der in skuorre kaam, ûntstie der romte by de foarst foar in ûleboerd. De âldste dokumintearre ferwizing nei it ûleboerd is in rekken út 1669 fan in timmerman. Der waard in 'uille bord' yn beskreaun.

Boarne: 'Ried fan de Fryske beweging'

**Us Wurdskat (11 en 12)** - ynstjoerd fan Albert de Jong fan Krite Utert; boarne: ‘Leargong A fan Ynstitút Fryslân)

**It waar** (I en II)

In grut part fan it Fryske folk wenne en arbeide eartiids op it lân en hie benammen by harren wurk tige rekken te hâlden mei it waar. Tink mar ris oan de boeren en harren arbeiders en oan de gerniers (= tûnkers, lytsskalige bouboeren). Skippers en fiskerlju binne ek tige ôfhinklik fan it waar. Oft it harren ‘mei wierret’ as net makket gâns ferskil. Gjin wûnder, dat der yn it Frysk in protte wurden binne, dy’t oanjouwe, hoe’t it waar wêze kin. Hjirûnder inkelde foarbylden mei in koarte omskriuwing fan ‘e betsjutting.

It waar kin wêze:

Bluisterich:	Los, mei folle wyn
Unlijich:	De iene bui jaget de oare mei hurde wyn der by
Suterich:	Kâld en wiet: It reint net hurd, mar it hâldt mar oan.
Goar, skrousk:	Kâld en faaks ek noch mistich; waar, dêr’t men huverich fan wurdt.
Klomsk:	Tige kâld,
Wreed:	Tige kâld, faaks mei hurde wyn en rein
Benaud:	Der waait in stoarm en it reint dat it eazet (Hollânsk: ‘hozen’, ‘het hoost’); it is needwaar
Brodzich, near:	Tige waarm en soel (Hollânsk: ‘z(w)oel’): Der is swier waar op kommende wei
Myld:	Noflik waarm.
As side:	Dan is it einepike (Hollânsk: ‘zacht’) as tige myld waar.

Der binne hiel wat siswizen, dêr’t it waar in rol yn spilet. Inkelde foarbylden:

- Dy man is hinne en wer as de wyn, jo kinne nea op him oan.
- De minsken binne nei it waar, as it reint hawwe se faaks in min sin.
- Dy âlden hawwe harren jongste soan oan waar en wyn oerlitten; it is harren skuld as der net folle fan him terjochte komt.
- Dy jongfeint spilet moai waar fan it jild fan syn âlde omke.
- Dy lju hawwe foarige wike deilis west, mar no liket it wer moai waar by harren.
- De âlde wenarke leit op ‘e wâl foar waar en wyn, dy wurdt der net better op.
- Doe’t de keapman min spul ôfleverde rekke hy yn tsjok waar mei de boer.
- No hawwe wy it waar noch net hân; grutte Klaas hat rûzje krige mei baas smid en hja raze as wylden.
- It is jimme fansels bekend, dat de lju op ’e Lemmer ris fjouwer dagen alhiel gjin waar hân hawwe. Yn ‘e skearwinkel hienen se doe al dy tiid gjin praat. En dat wie noch it slimste!

**Ledenijs**

- Yn maart 2017 ha wy berjocht krigen dat ús lid Klaske Boeschoten op earste krystdei 2016 ferstoarn is.

\*\*\*\*\*

**Fan de foarsitter**

No is myn tûn der klear foar; alles bloeit en groeit. De tulpen steane te pronkjen, de seringebeam begjint al te knopjen. De stuollen steane wer klear om lekker bûten te sitten. Mar ja, dan skynt de sinne net. It is hjoed net kâld, mar wy moatte der binnen mar wat fan meitsje, tinkt my. Feroarje kinne wy dat dochs net en miskien is it de oare moanne wol wer fierstente waarm. Dan kinne wy dêr wer oer kleie!

Mar alle gekheid derbûten, it wie hjoed wol moai waar foar de ‘Konings-spelen’. Ik wie efkes te sjen yn Utert, dêr’t de jongste bernbern op skoalle sitte. No, se hawwe wakker oan de gong west. De jongste sei om 12 oere: hoe lang noch Beppe? Doe moasten se noch efkes wat ite en dêrnei noch in oerke sporte. Doe dienen sy in estafeteloop. Dat foel der goed yn. Se draafde mei har stokje yn ‘e hân en har groepke hie wûn, dat doe wie it wer goed.

Underweis nei hûs, wie it aardich rêstich efter yn de auto. Gjin swiere petea-

ren, ek net fan de gruttere jonges. Se wienen sels te wurch om in spultsje te dwaan. No hawwe sy in wike fakânsje, dus wy sille in dei nei in swimbad yn de buert. De âldste bernbern fine dat ek wol wer gaadlik, dus dat sil dan nije wike.

Jimme kinne op side 2 de data foar ús kritegearkomsten sjen. It programma stiet noch net hielendal op priemmen, mar wy binne drok dwaande. Dat kinne jimme lêze yn Kritekoer nr. 4, nei it simmerskoft.

Miskien kinne wy al wat op ús ledegearkomste fertelle. Dêr oer sprutsen: wolle jimme efkes trochjaan, oft jimme komme? Dan kin ik der mei de stuollen en de kofje op betocht wêze.

Alle leden winskje ik in goeie simmer-tiid ta. Foar de siken: betterskip. Ik hoopje dat wy mei in protte sin wer oan it nije winterprogram begjinne sille.

Alle goeds en golle groetnis  
fan PietieWestdijk-Kaastra

**De letters yn de Kritekoer: grut genôch?**

De kritebledsjes wurde ek nei oare krite tastjoerd. Fan ien krite ha wy de opmerking krigen dat sy de letters yn de Kritekoer wat lyts fine. De bestjoeren fan Utert en Seist ha nea opmerkingen krigen dat de letters oan de lytse kant wienen. Op de AG fan Utert wolle wy graach jimme miening witte oft de letters yn de koer grut genôch binne.

**Fan it bestjoer**

- Op 8 april 2017 wie de jierlikse Algemene Gearkomste fan it Boun om Uten. Diskear wie de gearkomste yn Lelystêd. Fan krite ‘Fryslân’ wienen oanwêzich: Yme en Boatsje Fopma, Jan Roelants en Jan Piet Bergmans en Geke Tukker. Pietie Westdijk wie der ek, mar dan net as kritebestjoerder, mar as bestjoerslid fan it Boun. It wie in goede gearkomste. Hâns Dijk hat 19 jier yn it bestjoer fan it Boun sitten, dêrfan 17 jier as foarsitter. Op de gearkomste is Hâns Dijk beneamd ta earelid fan it Boun. Der wie earder oan de krite frege oft dat harren ynstimming hie. As nije foarsitter fan it Boun is beneamd Jan Bijkerk fan krite Lelystêd. Tia Walstra - fan de krite yn Twente – wie ek reglemintêr oan bar om ôf te gean. Ek sy hie oanjûn net wer ferkesber te wêzen. Foar dizze

funksje binne gjin nije kandidaten kaam. It bestjoer fan it Boun hâldt de ynfolling fan dizze fakatuere yn beried. Fierdere ynformaasje (It Ambyld, de foto’s fan 8 april) is te krijen op [www.fryskbutenfryslan.fr](http://www.fryskbutenfryslan.fr).

- Op 11 april 2017 ha wy in brief krigen fan ‘de krite ‘Drenthe’ yn Utrecht. Troch bekende problemen by ferieningen (ôfname tal leden; âldere leden kinne net mear komme op kritejûnen; foar ôfgeande bestjoersleden binne gjin nije kandidaten) hat de feriening besluten om der mei op te hâlden. Ein 2017 is it dien mei de krite ‘Drenthe’. Dit betsjut dat it ek dien is mei de mienskiplike aktiviteit mei de 3 streekferieningen yn Utrecht. De lêste hat west op 18 maart 2017. Doe wienen der 57 besikers. De aktiviteit ‘klootschieten’ fan de Grinzers wurdt al fuortset. De datum stiet al fêst: **7 oktober 2017**.

**Under druk wurdt alles floeiber**

Us Fryske taal stiet ûnder fjoer  
dêr kin ik lykwols net oer  
hoe sizze jo no moaier  
**“smûk skaadzjend beamtegrien”**  
no, dat wit neffens my net ien  
minsken brûk dêrom jim ferstân  
praat, skriu, tink en sykhelje yn it Frysk  
dan is ús taal yn hâlders hân

(Folkje Koster)

**Inisjatyf foar it oprjochtsjen fan in Frysk koar yn de provinsje Utert.**

De bestjoeren fan de krite Seist en Utert wolle tantsje oft der belangstelling is om yn in Frysk koar te sjongen. Dielname is net beheind ta kriteleden.

Yn dit stikje noch gjin gegevens oer lokaasje, oantal kearen, de priis fan it lidmaatskip – dy details komme letter. Op dit stuit wolle wy inkeld witte oft der draachflak is foar in mingd koar.

Meike de Vries, wenjend yn Bunnik, hat oanbean de karre te lûken. Meike is hikke en tein yn Ljouwert. Muzyk betsjut in soad foar har. Har heit spile as fioelist yn it Frysk orkest en in omke as paukenist. Sy spilet al fan har fiifde jier ôf piano, hie sjongles en dirigearles. Yn Utert hat se diriginte west fan in tsjerkekoar. Op jierdagen spilet Meike graach út ‘De tiid hâldt gjin skoft’, it ‘Nij Frysk Lieteboek’ en lieten fan Aafke Komter Kuipers: ‘Een Friezin vol muziek’.

Har ambysje is om mei in regionaal Frysk koar dizze moaie Fryske melodyen en teksten oerbringe te kinnen oan in nije generaasje Friezen fol muzyk.

Jou jo frijbljuwend op by:

Ida Knobbe, 030-6562555, [iknobbe@hccnet.nl](mailto:iknobbe@hccnet.nl);

of Jan Piet Bergmans, 0347-320093; [j.p.bergmans@casema.nl](mailto:j.p.bergmans@casema.nl)

Nei it simmerreses sille wy dan de resultaten beprate.

**Humor op húsbesyk** (boarne: *Nwsbl.v.Fr. 14 april 1925*)

Yn syn bydrage ‘Oantinkens oan húsbesiken’ foar de krante blykt Ds. Straatsma fan Eastersee oer in behoarlike doasis humor te beskikken. Sa skriuwt er: Ik wit fan in dûmny, dy’t foar it earst op húsbesyk soe yn in ienfâldige plattelânsgemeente. Hy wie al in hoartsje ûnderweis en kaam by it hûs dêr’t twa bruorren wenne en in húshâldster. Se wienen beide siik, dy bruorren, en leinen neist elkoar yn itselde bedstead. Wat wie dat no dochs ferskriklik spitich dat se de nije dûmny sa min offisjeel ûntfange koenen. Foar de earste kear, yn in blau, skier op ‘e tried ûnderbaitsje, nee, dat koe net. Se besletten om dan teminsten de hege hoed derby op te setten. Sa fûn dûmny dy twa yn it bedstead, neist elkoar sittend, yn it blauwe ûnderbaitsje, mei de ‘hege’ op ‘e holle.

Hy hat se fansels net útlake, mar syn dei wie fierder goed.

## SELSKIP “MEI INOAR”

**Ferslach fan de jûn mei de Fryske kabaretgroep Noordenbos en Ko**

Op 1 April, nee, it wie gjin grap, wienen wy op útnûging fan myn efernicht Klaske Noordenbos, oanwêzich by in mienskiplike jûn fan de Fryske kriten Utert en Seist. Kabaretgroep Noordenbos en Ko soe harren nij programma 'Ferbining' spylje yn de Shalomseal fan de Noorderlichttsjerke yn Seist. Wy kamen ta de seal yn en koenen fuortdaliks al genietsje fan in kopke kofje of tee.

It die ús tige fertroud oan. Men spruts daalks de memmetaal; it wie gesellich.

Wy hienen oait al ris earder op sa'n kritejûn west en rekken doe mei in stel oan 'e praat. Sy is Friezinne en hy in Hollanner dy't ek wol wat hat mei Fryslân. It die bliken dat sy har man alle jûnen yn it Frysk foarlêst. Dat is doch geweldich!

De jûn begûn mei it sjongen fan it Frysk folksliet. En dêrnei begûn de 'Ferbining'.

No, genôch 'Ferbining' wie der mei it publyk en ek op alderhande oare flakken.

Se kamen op as fanfare, mei prachtige pakken oan. Mar as guon dames harren dan ferklaaie wolle, is de 'ferbining' efkes fuort.

- Fierder kaam û.o. foarby:

- Betty Barclay en de werbrûkwinkel
- De warbere toiletjuffer anneks frou fan de betsjinning
- Wakker telefonearjende dames, dy't neat merke fan wat der om harren hinne bart
- De 'goede doelen'-dames, dy't doch ferbining krigen mei elkoars doel, ek al wie it sijk tsjinoer achterbuert
- It âlderein konsertgroepke (ynklusyf rollators) mei it doel jild op te heljen foar it weibesûnige koekje by de kofje
- It sinees ôfhelrestaurant
- De sportive dames dy't de kaakspieren better oefenen as de oare spieren
- De hûneklup mei de ûnderskate hûntsjes
- En net te ferjitten: it prachtige sjongen. Wat passe dy stimmen goed by elkoar en wat wie de pianobegelieding goed.

By alles kaam de *ferbining mei elkoar* om 'e hoeke. We hawwe in soad lake.

Al mei al wie it in tige noflikke jûn. It like wol ien grutte famylje.

**We komme graach nochris wer.**

Tseard en Japke Rodenhuis,  
Doorn

## SELSKIP FRYSLAN

## UTNUGING

foar de

**ALGEMIENE LEDEGEARKOMSTE** fan 'Selskip Fryslân'

- Datum** - woansdei 17 maaie 2017  
**Plak** - oan hûs by Pietie Westdijk, Het Spoor 20, Houten  
 → as jo komme, graach yn 't foar efkes opjaan by de foarsitter:  
 030-2318 224  
**Hoe let** - 20.00 oere

**WURKLIST**

1. Iepening troch de foarsitter en meidielingen.
2. Oantekens fan de foarige ledegearkomste op 18 maaie 2016 (*yn dizze Kritekoer*)
3. Ynkomen en stikken /ferstjoerde stikken.
4. It jierferslach 2016/2017 fan de skriuwer (*yn dizze Kritekoer*)
5. De jierrekens fan:
  - a. De ponghâlder fan Selskip Fryslân (tiidrek 1 maaie 2016 - 30 april 2017)
  - b. De Kritekoer-administrateur (1-1-2016 oant 31-12-2016)  
(*beide jierrekens wurde op de gearkomste útrikt*)
6. Ferslach fan de rekkenopnimbers
7. a. Fêststellen fan de begrutting 2017/2018.  
 b. Fêststellen fan de wurklist fan it kommende jier (sjoch side 2)  
 c. Fêststellen fan de ynlis foar it kommende jier.  
 It bestjoer docht it útstel om de kontribúsje net te ferheegjen (it bliuwt € 12,00 it lid)
8. Beneamen fan nije rekkenopnimbers.
9. Ferslach fan de boeke- en muzykferkeaper (*opnommen yn it jierferslach*)
10. a. It bewâld fan it bestjoer (it programma, lokaasje, akkommodaasje seal ensfh.)  
 b. Bestjoersferkiezing (*sjoch taljochting hjirûnder.*)  
 c. Programma winterskofft 2017-2018
11. Omfreegjen en sluten

Ad **10b** - Oan bar fan ôfgean binne Pietie Westdijk, Yme Fopma en Richtje de Jong. Richtje hat oanjûn dat se net wer ferkiesber is. Pietie en Yme binne ree om harren wer ferkiesber te stellen.

Foar de fakatuere fan Richtje wolle wy graach in nije kandidaat. Hy/sy kin him/har opjaan by de foarsitter.

## SELSKIP FRYSLAN

Ferslach fan de **ALGEMIENE GEARKOMSTE** fan de leden fan Selskip "FRYSLAN", hâlden op woansdei **18 maaie 2016**, Spoor 20, Houten .

### 1. Iepening.

Pietie Westdijk hjit wolkom. Boatsje wurdt betanke foar de lekkere keek. Earelid Durk Dijkstra hat belle. Syn súnens is noch net goed (hy sit wer yn it gips). Durk docht ús allegearre de groeten. Der binne 13 minsken.

### 2. Oantekens fan ledegearkomste fan 20 maaie 2015

It ferslach is opnaam yn de Kritekoer fan april 2016. It ferslach is akkoart. De skriuwer wurdt betanke.

Nei oanlieding fan it ferslach: Jimco Zijlstra is frege as rekkenopnimmer.

Troch sykte koe hy dit net dwaan. Sadwaande is de hear Visser frege.

### 3. Ynkomen en ferstjoerde stikken

De Algemiene gearkomste fan it Boun om Utens is op 9 april 2016 holden yn Hoarn. De ynformaasje foar dizze gearkomste is opnaam yn It Ambyld.

Nei dy gearkomste hat de skriuwer fan it Boun noch 2 meidielingen tastjoerd:

- De Mediawet is no ek troch de Earste Keamer behannele. Dat betsjut dat Omrop Fryslân har selsstannichheid kwyt rekket.
- Janke Bergmans hat de funksje lieder Sintrale Boekefûns dellein. Der is in oplossing kaam foar it ferfolch: Jan Roelants (krite Utert) en Jelma Wiegersma (krite Swol) pakke dit op.

Der wurde gjin ferstjoerde stikken neamd.

### 4. It jierferslach oer it tiidrek 1 maaie 2015 oant 30 april 2016

It jierferslach is opnommen yn de Kri-

tekoer fan april 2016. Frou Wielinga makket in opmerking by it punt 'Aldereinsaken': by in kroanjier krije de leden in kadobon foar in blomke. Fierder is it ferslach akkoart. Frou Van Dijk freget nei it tal bestjoersleden. Der binne seis, mar moat dit net in ûneven tal wêze? De foarsitter jout oan dat it yn de praktyk gjin problemen jout. Wy sille de 'Grounslaggen en Húshâldlik Karbrief' fan de krite der op neislaan. (*by Kêst 10 stiet: It bestjoer bestiet op syn minst út 7 leden*).

### 5. De jierrekens fan :

**5a. It Selskip** – It finansjeel jieroersjoch 2015/2016, begrutting 2015/2016 en de konsept-begrutting 2016/2017 wurdt útrikt. Op it foarblêd stiet de begjin- en einbalâns.

Einbalâns fan 30 april 2016 - It tekoart oer 2015/2016 bedraacht € 139,36.

Dat is fan it kapitaal ôfgien: dat is no € 2154,40. It bedrach fan de einbalâns is no € 6.256,81

Finansjeel oersjoch 2015/2016 - Yme rint by de posten lâns en jout in ferklarring by ferskillen tusken de rekken en de begrutting fan 2015/2016.

De útjeften binne in stik leger as begrutte (mear as € 600 leger). Dat komt foaral troch de goedkeapere lytse jûnen. De attinsjes binne de kosten foar krite dy't in jubileum fierd ha.

De 'âldereinkosten' binne de helte leger as begrutte. De totale útjeften bedrage € 2.846,19 . Hjirtroch is it tekoart fan € 718,00 neffens de begrutting feitlik € 139,36.

## SELSKIP "MEI INOAR"

Oprjochte op 20 desimber 1928.

It ferieningsjier rint fan 01-09 oant en mei 31-08. Opsizzing foar 01-08. Kosten lidmaatskip: € 15,- de man; foar bankgegevens: sjoch lêste side.

### Fan de bestjoerstafel

(dizze kear fan Trieneke; de oare kear in stikje fan Nieske)

Yn 'e foarige Kritekoer wie al oankundige, dat ik it stikje foar it maaienûmer skriuwe soe.

Wat hienen wy op 1 april in prachtige jûn mei Noordenbos en Ko. De meispiilers binne grutte stjerren, se kinne alles oan en sjonge as klysters, dit ûnder de bekwaame lieding fan Pieter, de pianist.

No wol ik alderearst begjinne mei it oerbringen fan in kompliment!

Nei dizze prachtige jûn wie der noch in neisit mei de spilers. Se fûnen dat sy sok moai publyk hienen. Dat spile noflik neffens de froulju en de pianist; der is mear ynteraksje. No hawwe wy dizze opmerking fan oare ploegen al earder heard, dus wurdt it tiid om dy komplimenten oan jimme troch te jaan! En dat doch ik fan herte. Se fûnen de seal ek moai en noflik om yn te spyljen. Soks hearre wy fansels graach.



Myn oproprommerij stiet no stil. Oare saken binne op 't heden wichtiger. Sa't jimme miskien witte, spylje ik klarinet

yn in symfony orkest, dat yn 1969 oprjochte is troch ús ferstoarne lid Pieta Deutekom en har man út Driebergen. Yn maaie hawwe wy in optreden. Meastentiids spylje wy yn in âldereintehûs, mar dizze kear yn 'Bartimeus'. Ik freegje my ôf hoe't dy minsken in útfiering ûnderfine at se de orkestleden net spyljen sjogge. Wa wit, krij ik de kâns om it oan de tahearders te freegjen. Fansels moat ik sa faak mooglik oefenje om de partijen der goed 'yn' te krijen, it leafst sûnder flatters. Thús slagget dat goed, mar mei alle oare ynstruminten derby is dat wier in oar ferhaal. Dan docht bliken, dat ik it dochs noch net goed 'yn 'e fingers' haw. Dus: noch mear oefenje! Mar mear as myn bêst dwaan, kin ik net.

Ja, en dan is no de simmer op kommandewe. Ik hoopje dat it ek in moaie simmer wurdt foar elts fan jimme, ticht by hûs of fier fuort.

Graach sjogge we jimme op 28 oktober. Wy hawwe dan ús ledegearkomste en nei it skoft sil Age Veldboom ús fan alles út de doeken dwaan oer redens. Syn petear ferline jier oer skûtsjes hat ús tige goed foldien. It wurdt no grif ek wer in nijsgjirige jûn en wy hoopje fansels jimme dêr wer te moetsjen.

Trieneke Vos

Yme en Boatsje Fopma.

Yme Fopma docht de administraasje. It begrutte tekoart oer 2016 (de rekken rint fan 1-1 oant 31-12) wie € 1370,-- Der wie in oerskot fan € 57,00. Dat is opnaam as kapitaal.

#### Oare aktiviteiten

- De ledemutaasjes komme faak binnen by de administrateur fan de Kritekoer. Dizze wurde trochjûn oan de skriuwer. Yme Fopma makket de etiketten foar de Kritekoer. De skriuwer makket in list fan de 75-plussers
- Om de kosten fan de grutte kritejûnen wat te beheinen, wurdt der in ferlotting holden. Dit jier wie dat it

gefal op 10 febrewaris en 1 april. De opbringsten wiene € 530,-; de kosten wienen € 247,-.

- De ferkeap fan healsliten boeken is ek dit jier fuortset, mar wol op minder kritejûnen. De boeken wurde ynbrocht troch de leden of famylje hjirfan. De opbringst yn dit kritejier wie € 40,-
- De krite is stiper fan de keatsferiening "Melle Veenstra" yn Hilversum ad € 25,- yn it jier. Dat stypjen past by ús karbrief.
- It bestjoer hat alle leden in nijjierskaart stjoerd.

De skriuwer,  
Jan Piet Bergmans



Op **sneon 7 oktober 2017** wer noflik op paad mei it kloatsjitevenemint, organisearre troch 'Grönneger Verainen' yn de Ridderoordse bosk te Bilthoven.  
We sille wer besykje de kloot sa fier mooglik fuort te smiten, mar fansels wol fia de wenstige rute!

Set it alfêst yn jo busboekje?!

Yn 2023 bestiet It Frysk Boun om Utens 100 jier. It liket noch fier fuort, mar de tiid hâldt gjin skoft. It bestjoer wol dit jubileum grut fiere. en wol dêrom in list oanlizze fan alle Friezen om Utens dy't berikt wurde kinne. It giet fansels om leden fan Fryske kriteren, mar foaral ek om harren famylje, kunde en wa ek al net.

Dêrom in fersyk: Jou allegeare jim mailadres en fierdere gegevens troch oan de skriuwer fan It Boun, ek fan famylje en kunde. It webadres is:



[www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl).

Op it webstek stiet it ynfolformulier: – oanklikke op 'OANMELDE BY IT BOUN'.

#### 5b. De Kritekoer:

It finansjeel oersjoch 2015 mei de begrutting 2016 wurdt útrikt. De administraasje fan de Kritekoer wurdt dien troch Yme Fopma. It tal advertearders rint stadichoan tebek.

De kosten yn 2015 (€ 1514,06) sitte yn de buert fan de begrutting (€ 1470,-). Der is no op 31 desimber 2015 in negatyf kapitaal fan € 65,68

Ut it oersjoch wurdt dúdlik: de Kritekoer moat altiten jild by.

Yme wurdt betanke foar it opmeitsjen fan beide rekkens.

#### 6. Ferslach fan de rekkenopnimers

Frou Wielinga en de hear Visser wienen fan 't jier de rekkenopnimers. De boeken binne neisjoen by famylje Wielinga oan hûs. Frou Wielinga is koart, mar dúdlik: "wy hawwe gjin ûnregelmjittichheden ûntdekke kinnen." Hjirmei wurdt de ponghâlder ûntlêste. Yme wurdt betanke foar syn wurk.

#### 7a. Fêststellen fan de begrutting 2016-2017

De ynlagge fan de leden is basearre op 72 persoanen. Yme neamt it programma fan it winterskoft 2016-2017 mei in skatting fan it tal minsken dat komt. Der ûntstiet diskusje oer it al of net fieren fan it 115-jierrich bestean fan de krite yn 2016. Frou Russchen is in foarstanner fan in feestlike fiering mei resepsje ensfh.. It bestjoer is fan doel om de fiering te beheinen ta de leden, mar wol mei in waarm miel. De miening fan de gearkomste wurdt frege. It blykt dat de mearderheid foar in lytse, yntime fiering is. De begrutting is basearre op it ôfrûne jier. It begrutte tekoart is € 996,-

Yme wurdt betanke.

#### 7b. Fêststellen fan it programma fan 2016-2017

De data steane op side 2 fan de Kritekoer fan april 2016.

- Sneon 8 oktober 2016: Ta gelegenheid fan 115 jier krite, waarm miel, muzyk duo Myla
- Freed 5 novimber 2016: Lêzing oer de Fryske Nassaus troch ús lid J. v.d. Werf
- Sneon 7 jannewaris 2017: Nijjiersbesite
- Sneon 11 febrewaris 2017: Toanielgroep 'Boadegraven spilet foar de kriteren Utert en Seist (1 foarstelling; lokaasje Seist)
- Sneon 18 maart 2017: Streekferienings Utrecht; organisaasje troch de Grinzers. Programma noch net bekend
- Sneon 1 april 2017: Kabaret troch Noordenbos en Ko (mienskiplike jûn Utert/Seist); lokaasje Marcuscentrum, Utrecht

#### 7c. Fêststellen fan de kontribúsje foar 2015-2016

It bestjoer docht it útstel om de kontribúsje net te ferheegjen. By ferheging bestiet de kâns dat leden opsizze. Wy sille wer freegje om in frijwillige bydrage boppe de kontribúsje, omdat dit mear opsmyt as in ferheging fan de kontribúsje.

De gearkomste giet akkoart.

#### 8. Beneamen fan de nije rekkenopnimers

De hear Visser wol noch wol in twadde kear rekkenopnimmer wêze. Wy sille as twadde de hear Van der Werf freegje. As reserve sil Betty Yntema frege wurde.

**9. Ferslach fan de boek- en muzyk-ferkeaper**

It ferslach fan de boekferkeaper is opnaam yn it jierferslach fan de krite op side 7 yn de Kritekoer fan april 2016. Jan Roelants leit út wat de plannen foar de nije opset fan it SBF binne. Jan hat de soarch foar de boekferkeapers by de kriteren yn Utrecht, Noard- en Súd-Hollân. De rest fan de kriteren docht Jelma Wiegersma. De kriteren dy't gjin boekferkeaper ha, sille ien kear yn it jier mei in grutte jûn in boeketafel ha.

**10a. It bewâld fan it bestjoer**

De foarsitter freget wa't hjir wat oer sizze wol. It programma foar 2015-2016 wie goed. It bestjoer docht it meinoar en docht har bêst. Frou Van Dijk seit dat se wolris in idee oanrikt foar in kritejûn. Se wol yn dy gefallen wol graach in reaksje fan it bestjoer ha.

**10b. Bestjoersferkiezing**

De ôfgeande bestjoersleden binne Jan Roelants, Harke Hofman en Jan Piet Bergmans. Se binne alle trije ree om harren ferkiesber te stellen. De gearkomste giet akkoart.

**11. Omfregjen en sluten**

► Boatsje Fopma: Pietie is as foarsitter hiel aktyf (se fljocht oeral hinne). Se jout har hjir in plom foar.

► Yme freget de rekkenopnimbers oft se kosten makke ha.

De foarsitter betanket de leden foar harren kommen en de ynbring.

Se winsket ús in goede simmer ta.

Der is noch in gesellige neisit mei in hapke en in drankje.

De skriuwer,  
Jan Piet Bergmans

**Jierferslach fan it SELSKIP FRYSLAN  
oer it tiidrek 1 maaie 2016– 30 april 2017**

**Fan it bestjoer**

Der hawwe 4 bestjoersgearkomsten west. Fierders hat der oerlis west mei:

- it bestjoer fan de krite Mei Inoar út Seist.
- de susterkriteren út Utert ("Grönneger Verainen", "Veriening Drenthe")
- de 4 oare kriteren yn diel "Midslân" (Hilversum, Lelystêd, Hurderwyk en Seist)

De Algemene Gearkomste is holden op 18 maaie 2016 yn Houten.

Op 8 april 2017 hat in diel fan it bestjoer dielnommen oan de AG fan it

Boun om Utens yn Lelystêd.

Hâns Dijk is ôfgien as foarsitter fan it Boun, hy is opfolge troch Jan Bijkerk.

**Fan de leden**

It ledetal rint stadichoan tebek.

Op 1 jannewaris 2015 wienen der 89 leden, op 1 jannewaris 2016 wienen dat 81 en op 1 jannewaris 2017 wienen dat 73 leden en op 1 maaie 2017 itselde (ynklusyf 2 eareleden).

Troch ferhúzjen, betankjen en ferstjerren ferlieze wy leden. Der komt inkeld ris in nij lid by.

**Aldereinsaken**

De âldereinsaken wurde behertige troch frou Wielinga. Boppe de 75 jier krije de leden alle jierren op harren jierdei in kaart en om de 5 jier (in kroanjier) in kadobon foar in blomke. De feiten: der binne 30 kaarten ferstjoerd, 8 kaarten mei ynhâld (kroanjier), Der is fan 't jier 1 besite ôflein troch frou Wieling. De ponghâlder fergoedet de kosten oan frou Wielinga.

**Fan de boekferkeaper**

De boekferkeaper is yn hannen fan Jan Roelants. Syn omset oer it jier 2016 (1-1 oant 31-12) wie € 510,55 (SBF-sifer). It is de omset fan 4 kritejûnen + in ekstra jûn yn Seist op 5 maart en in ekstra jûn yn Hoarn op 9 april. Fan dizze omset giet 5% (€ 25,53) nei de kritekas. De omset oan snypsnaren is yn 2016 € 19,75.

**Fan de jûnen**

- Op de earste jûn (**8 oktober**, 30 minsken, seal Bijkershoek) ha wy it 115-jierrich bestean fan de krite fierd mei in waarm miel en ferdive-daasje yn de foarm fan muzyk en sjongen troch it duo MyLa (Myriam Lindeman en Lammert Mink).
- Op **25 novimber** (23 minsken, lytse seal Bijkershoek) hat ús lid Jan van der Werf in lêzing holden oer de Fryske Nassau's .
- De nijjiersbesite wie op **7 jannewaris** (28 minsken, seal De Bijkershoek). Der wie in stampôtbuffet, fersoarge troch de meiwurkers fan de Bijkershoek. It programma fan dizze jûn hawwe de leden sels fersoarge: sjongen mei begelieding fan

Van de Merk en stikjes/bydragen troch eigen leden.

- Op **10 febrewaris** (64 minsken, seal Marcuscentrum) wie der in toanieljûn. De toanielploech fan de krite Boadegraven, Utert en Seist spilen it stik 'Twafertsjinnens yn twastriid'. Troch it tebekrinnend tal leden by Seist en Utert ha wy dit as mienskiplike jûn organisearre.
- Op **18 maart** wie de mienskiplike jûn fan de Grinslanners, Drinten en de Friezen. It programma is fersoarge troch "De Troubadours út Haastrecht". Der wienen 57 minsken . (seal Transwijk)
- De wenstige mienskiplike jûn mei Seist (75 besikers) wie op **1 april** yn de Noorderlichttsjerke yn Seist. It selskip 'Noordenbos en Ko' hat mei it programma 'FERBINING' de minsken in hiel moaie jûn besoarge.

**De bestjoersgearstalling**

Der binne 6 bestjoersleden. De funksjes wienen sa ferdielt:

Foarsitter: Pietie Westdijk

- ôfgeand yn 2017

Skriuwer: Jan Piet Bergmans

- ôfgeand yn 2018

Ponghâlder: Yme Fopma

- ôfgeand yn 2017

Lid: Jan Roelants - ôfgeand yn 2018

Lid: Richtje de Jong - ôfgeand yn 2017

Lid: Harke Hofman - ôfgeand yn 2018

**Fan de Kritekoer**

De redaksje fan de Kritekoer bestiet út Ida Knobbe (Seist) en Jan Piet Bergmans (Utert). De Kritekoer is yn 2016 seis kear útkommen. It ferstjoeren fan de Kritekoer wurdt fersoarge troch